

*It kreakjen fan de âlde beam.
Oer it Fryske dichtwurk fan Theun de Vries
en de oerienkomsten en ferskillen
mei syn lette Nederlânsktalige fersen*

Jabik Veenbaas

Summary:

In the early seventies of the 20th century the famous Dutch author Theun de Vries began to write poems in Frisian, his childhood language, for the first time. De Vries himself once said that, basically, he preferred the Frisian language to express his emotions, whereas the Dutch language remained the instrument for his epic inclinations. In this article I explore the differences and similarities between his Frisian poems and his later Dutch poetry. It appears that the similarities between this Frisian poetry and his later Dutch poetry are remarkable. In both subbodies of works he makes use of a similar lyrical tone, brings up the same vitalistic, anti-metaphysical philosophy and elaborates on the theme of old age. So his Frisian poetry certainly was not the exclusive territory for his emotions. Still, when we look very closely, we descry subtle differences and discover that in his Frisian poetry De Vries was able to express himself in a more direct way and come closer to the world of his Frisian childhood. More then ever, the Frisian language became the vehicle for his emotions in the cycle of poems dedicated to his late wife Aafje Maria Vernes.

Ynlieding

Yn it begjin fan de jierren santich, hy wie doe in jier as fiifensechstich, begûn Theun de Vries foar it earst te dichtsjen yn it Frysk, de taal fan syn jeugd. Oant dy tiid ta hie er al syn literêre wurk yn it Nederlânsk skreaun, mar Fryslân en it Frysk wiene yn dat wurk fansels wol faak weromkaam. Mei *Stiefmoeder aarde*, dat datearre út 1936, hie er it epos skepen fan de Fryske boeresoan, dy't de hurde striid om it bestean fiere moast. En al yn 1941 lei syn earste boek mei Wilt Tjaarda-ferhalen yn 'e boekhannel, *De tegels van de haard*, dy't in autobiografysk karakter hiene en har ôfspilen tsjin it dekor fan syn jeugdjierrren yn Feanwâlden. Doe't yn 1977 syn earste Fryske dichtbondel ferskynde, *Earst en lêst*, wiene it twadde en it tredde Wilt Tjaarda-boek al ferskynd, en soe it fjirde noch mar in jier op him wachtsje litte.

Earst en lêst wie trouwens net syn earste Frysktalige publikaasje. Yn 1937 hie er de Frysktalige *Fryske stilistyk* yn it ljocht jûn, in boek oer de literêre foarmen dy't Fryske skriuwers troch de iuwen hinne brûkt hiene. En hy hie ek it ien en oar út it Frysk oerset: in seleksje út de *Rimen en teltsjes* (oarspronklik ferskynd tusken 1822 en 1871) fan de bruorren Halbertsma, bygelyks, en de bondel *In memoriam* (1968) fan D.A. Tamminga.

Hoe kaam it dat er no ynienen Fryske fersen makke? Theun de Vries hat dêr sels ris it ien en oar oer sein yn in stik dat yn 2001 opnaam waard yn it *Nieuw Letterkundig Magazijn*. 'Ik was op een leeftijd gekomen waarop ik mij mijn kinderjaren in al pregnanter beelden herinnerde' skreau er dêr, 'in mij ontstond daarmee tevens de resonans van woorden, de klanken van het Woudfries die ik uit de mond van mijn geliefde beppe Willemke had gehoord, die ik zelf had gesproken en nog sprak. Ik bleef in de eigenaardige betovering van mijn Friese verleden gedichten schrijven.'

Doe't er yn 1975 syn frou ferlear, Aafje Maria Vernes, utere er syn fertriet oer dat ferstjerren yn Fryske gedichten. De Fryske poëzij, sa woe er hawwe, iepene in 'nieuw psychisch compartiment' yn syn ynderlik, omdat syn gefoelslibben utering socht yn de taal fan syn iere jeugd. Hy skikte trouwens dalik yn dat dy kompartimintefergeliking tekoart skeat, en dat der tusken syn Fryske fersen en syn Nederlânstalige wurk sprutsen wurde moast fan 'vervloeiende innerlijke zones, van grensgebied en overgangssituaties.'

Mar likegoed karakterisearre er de lyryske, gefoelsmjittige toan as it wichtichste skaaimerke fan syn Fryske wurk: 'Grosso modo komt mijn zelfonderzoek er op neer dat mijn emotionele levenshelft zich bij voorkeur in het Fries uitdrukt. En al heb ik een paar prozastukken in het Fries geschreven, het Fries is voor mij bovenal het ideale expressiemiddel geworden van wat mij lyrisch beweegt, waarbij ik, zoals ik heb vastgesteld, in toenemende mate neig tot het zoeken naar de simpelste, weinig woorden vereisende expressie. Het Nederlands daarentegen blijft het veelvormig instrument voor mijn diep gewortelde hang naar het epische, dit is mijn wil en mijn wens om mensen, allerlei mensen, tijden, allerlei tijden, landschappen, dramatisch gebeuren op te roepen, beeldend, verhalend – in proza.'

Wa't dizze wurden argeleas lêst, komt al gauw op it idee dat De Vries syn lettere poëzij allegear yn it Frysk skreau, wylst syn proza suver folslein Nederlânsktalich bleau. Mar dat is bepaald net it gefal. Ek yn it Nederlânsk hat er sûnt de lette jierren santich wer in tal dichtbondels publisearre. In seistal mar leafst – as wy *Canzona in B* meirekkenje, in kompilaasje fan njoggen âldere leafdesfersen dy't yn 1980 útbrocht waard. Dy bondels ferskynden foar it measte part yn lytse, bibliofile edysjes, op ien nei, *77 korte gedichten*, dat yn 1984 it ljocht seach by Querido, dêr't ek syn proza

meastentiids útkaam. De Vries publisearre trouwens ek ien Frysktalige bondel mei Nederlânske oersetting: *It Noarden* (1990), by Omnia current yn Inkhuzen.

De dingen drage my

Hat de Frysktalige poëzij út De Vries syn lette jierren no ek in hiel oare toan as de Nederlânsktalige út deselde tiid? Dat soene jo miskien ferwachtsje tsjin 'e eftergrûn fan sa'n kompartimintetery. It hie bygelyks sa wêze kinnen dat er him yn de lette Nederlânsktalige fersen rjochte op de epyk, op it ferheljende, en him yn it Frysk beheinde ta it persoanlike en de sfear fan it eigen gefoel. Mar sa simpel leit it yn alle gefallen net. Hy skreau yndied inkelde fertellende balladen yn it Nederlânsk, 'De ballade van Stenka Razin' en 'De ballade van Sint-Gertrudis', en ek it lange fers 'De trompet' hat, al is it yn 'e wy-foarm opsetten, dúdlik in ballade-eftige sfear. Mar dizze gedichten foarmje ek yn Theun de Vries syn lette Nederlânsktalige dichtwurk útsûnderingen.

Nee, ek syn lette Nederlânsktalige dichtwurk is foar it grutste part lyrysk fan aard, en de oerienkomsten mei it Fryske dichtwurk binne ûnmiskenber. Nim no dat prachtige iepeningsgedicht fan syn earste Fryske bondel, *Earst en lêst*: 'Alles begjint by de dingen'. De iepeningsrigel fan dat gedicht wie, sa't De Vries yn it niisneamde stik yn it *Nieuw Letterkundig Magazijn* sei, de earste rigel Fryske poëzij dy't him 'in volkomen natuurljikhed' ynfoel. De rigel kaam yn him op as reaksje op syn lektuer fan *Les mots*, de autobiografy fan Jean-Paul Sartre, dy't yn dat boek bewarde dat er de wrâld yn de boeken kennen leard hie.

Nee, seit de dichter yn dat gedicht, sa leare jo de wrâld net kennen, it libben begjint by de sintúchlike, ierdske dingen:

'De wite hagedoarn
Boppe de bleek.
Tikjen fan harhammers.'

Pas as de dingen der binne, komme de wurden op it aljemint: 'Dingen wurde wurd.' De dingen, en net de wurden, 'klinke en binne' en de minske libbet yn earste opslach út har wei: 'Hja drage my'. En Sartre is net de iennichste tinker dy't it by de ferkearde ein hat. Alle tinkers dy't bewarden dat it geastlike oan 'e widze fan it libben stiet, wurde mei inkelde koarte halen delhelle – winliken de hiele idealistyske westlike tradysje:

'Sangerje my net langer
Fan de platonyske idee
Of wat der op liket.'

Wa't de bondel *Atlantische avond* iepenslacht, dy't mar ien jier nei *Earst en lêst* útkaam, treft dêr in iepeningsgedicht oan mei krekt deselde tematyk. 'Geboorte' hyt it fers. Ek hjir binne it de ierdske sintúchlikheden dy't oan 'e widze fan it minskelibben steane. Ek yn dit fers oerhearskje de ierdske bylden:

'Chaos van vogelstemmen.
Morgenstorm.
Trage dieren zwommen
De delta's binnen [...]'

De kaaisin 'Hja drage my' út it fers 'Alles begjint by de dingen' wurdt yn 'Geboorte' yn wêzen sels kopiearre: 'Zij droegen mij.' It boppeierdske wurdt krekt as yn 'Alles begjint by de dingen' koartkearich ôfwiisd, al is it dizze roai net de platoanyske, mar de bibelske idee dy't nei foaren helle wurdt. En yn it slotkûplet wurdt it belang fan de sintúchlikheden nochris beklamme:

'Niet de geest Gods over de wateren

Het eenvoudige machtige
Rijk van de dingen –
Mijn moederbestel.'

De beam en de winter

Soms stiet in byld de dichter sa nei, dat er it faker weromkomme lit. Yn it teare fers 'Hie ik in beam west' út *Earst en lêst* stelt de dichter him foar hoe't er in beam is oan in lyts tsjerkhofke, dêr't op sneintemiddeis minsken komme om har ferstoarnen te betinken. Ek yn dit fers fiele wy dat de metafysika ôfwêzich is, net omdat de dichter him dêr mei safolle wurden tsjin útsprekt, mar omdat de sfear fan dea en fergonklikheid hjir subtyl mei ierdske dingen ferbûn wurdt:

'Dêr komme hja dan sneintemiddeis
Om nei de sarken te sjen,
Wat wylde gerzen wei te roppen
Of moas fan in namme te skrabjen...'

As in beam yn in hôf soe de dichter stean wolle, om de efterbleaunen wat skaad te jaan, en om harren wat 'ta te nûnderjen/ Sûnder dat se it fernamen...' Hjir oppenearret him nochris de skriuwer dy't him it lot fan de minske oanlûkt, mar dit kear net mei in machtich ferhaal fan

sosjale solidariteit, mar mei in beskieden poëtyske ynset. Meie wy der ek wat poëtikaals yn leze? Kinne wy hjir faaks tinke oan de skriuwer dy't mei syn nûnderjen de minske treastet?

Folle letter kaam op de roukaart fan Theun de Vries te stean: 'De oude boom is geveld'. En dochter Sandra liet it fers 'Hie ik in beam west' ôfprintsje op de betankkaartsjes nei de kremaasje fan har heit.

Wierskynlik hat se, doe't se dat byld fan de beam sa markant weromkomme liet, har gedachten net allinnich útgean litten nei dit Fryske fers, mar ek nei de syklus 'De boom-mens', opnaam yn de bondel met deselde namme dy't fjouwer jier nei *Earst en lêst*, yn 1981, ferskynde by útjouwerij In de bonnefant.

Yn it earste fers fan dy syklus ferwiist de beam nei in ynderlike driuw, in langst, nei de ierde: 'Waar drong mijn kiem ...Grondwaarts...?' En soks ymplisearret winliken de wjerstân tsjin 'al wat liket op de platonyske idee'. 'Sangerje my net langer fan it hegere' hâldt ommers ek yn: ik kear my fan no ôf nei de ierde en de grûn ta. Dat beseffe wy namste mear as wy it twadde fers lêze, dêr't de beam in folsleine ierdske belidenis ôfleit. De oanset fan it fers soe jo op de ferkearde foet sette kinne: 'Vormer in mij...' Mar it wurdt dalik dúdlik dat hjir gjin sprake is fan in godlike skepper, mar fan in driuw yn de beam sels, dy't wol wat wei hat fan it foarmjend libbensprinsipe fan de âlde Grykske filosoof Aristoteles, fan de 'entelechy': 'Groter dan ik, toch mijn gevangene/ Geklonken in de ringen van deze tronk...' 'Maak mij volledig waar...', smeket de beam syn eigen foarmer; en dan hearre wy de minske smekjen oft er syn talinten folslein realisearje mei.

De kearn fan de belidenis leit yn de njoggende rigel, dêr't de dichter, by mûle fan de beam, syn leafde foar de ierde yn ferklearret: 'O tastbaarheid!' en fuortdalik ek syn ôfwizing fan it bestean fan de ivige, boppenatuerlike kearn: 'Sappen zijn beter dan ziel.' Want hy is, wat oaren ek bewearre meie, 'Boom, niets dan boom'.

'Boom, niets dan boom' – in opfallende útspraak yn in syklus mei in titel dy't de beam no just oantsjut as mear as in beam allinne. Mar it is dúdlik hokker oft kant de dichter op tinkt. De minske skaait út nei de beam, dy't yn en fan de ierde libbet.

Ek de âlderdom komt yn de syklus oan 'e oarder. Lit ús net ferjitte dat de dichter al aardich yn 'e santich wie doe't er dy publisearre. De beam freget syn ynderlike foarmer yn datselde twadde fers om 'mijn lust/ In de laatste bleke weefsels zwellen' te litten. En yn it kleare, flymjende slotgedicht, 'De boom-mens V', tinkt er oan syn âlde dei, oan de iensumheid, it ôfskie fan it waarme libben:

‘Ik sta alleen.
Onnut mijn schorshuid
[...]
De ijtijd begint.’

Mar it wie net foar it earst dat de beam en de âlderdom elkoar fûnen yn De Vries syn poëzij. Yn de Nederlânsktalige bondel *77 korte gedichten* wie dat ek alris bard, bygelyks yn it fers ‘Boom’:

‘Gele vergeten boom
Je denkt zo vaak aan de dood
Dat je laatste tak is verdord.’

En yn it fers ‘Koude (2)’ út datselde boek wie de beam ek oer it fuotljocht brocht:

‘De winter knerst
Op strenge witte zolen,
De pijnboom kraakt in pijn.’

Ek hjir stiet de kjeld nei alle gedachten foar de âlderdom en it ôfskied fan it libben, dat sear docht. Sjoch mar ris nei it fers ‘Koude (1)’, dêr’t de dichter it byld fan de winter sa dúdlik mei de eigen persoan ferbynt: ‘het witte floers om mijn hart’. En yn it lytse bondeltsje *Vliegende vissen* út 1985, dat fergelykbere trijerigels befettet, wurde de beam en de âlde dei nochris by elkoar brocht, yn it fers *Lente (2)*:

‘Deze weerspannige lente –
In mij en de oude boom
Stijgt moeizaam het groene elixer.’

Iisgong

Yn de lette Nederlânsktalige fersen fan De Vries, safolle mei no wol dúdlik wêze, komme foar in grut part deselde tema’s en motiven werom as yn syn Fryske dichtwurk. De leafde foar it ierdske, de ôfkear fan it boppeierdske, de problematyk fan de âlderdom, wy treffe it yn beide lytse sub-oeuvres oan. En dat De Vries ek yn it lettere Nederlânsktalige dichtwurk syn gefoelswrâld sprekke litte koe, stiet wol fêst. Ik ferwiis wat dat oangiet ek noch mar ris nei it fers ‘Phobie’ út *De boom-mens*, dêr’t in djippe eangstûnderfining yn ferbylde wurdt, of nei it fers ‘Dies illa’ út *Atlantische avond*, dat him lêze lit as in hiel persoanlik oantinken oan it ferstjerren fan in dierbere:

‘Ik open de deur; de spiegel
In het voorhuis
Behangen met zwart floers.
Binnen mompelen zij.
Ik durf de kamer
Niet binnengaan.’

Boppedat kinne wy sizze dat er net allinnich yn de Fryske gedichten socht ‘naar de simpelste, weinig woorden vereisende expressie,’ sa’t er it yn syn stik yn it *Nieuw Letterkundig Magazijn* útdrukte, mar yn it lette Nederlânsktalige dichtwurk likegoed. De krekt sitearre rigels meie as yllustraasje tsjinje. Hat it mooglik sa west dat de Fryske gedichten dêr’t *Earst en lêst* út ûntstie it kompartimint fan it gefoel iepenen, en dat dat kompartimint, doe’t it ien kear iepen wie, ek tagonklik wie foar de Nederlânske taal? Sa frjemd soe dat net wêze; De Vries hie him oan it begjin fan syn skriuwerskarriêre ommers al as Nederlânsktalich lyrikus ûntjûn!

En dochs binne der ek wer ferskillen oan te wizen. Guon ûnderwerpen komme yn it Frysktalige wurk neidrukliker oan ’e oarder, guon wurde yn dat wurk persoanliker en yntimer beljochte. Dat jildt yn it foarste plak foar de tematyk fan dea en fergonklikheid.

Yn *Earst en lêst* wie dy sfear fan winter en ferstjerren al sterk oanwêzich en yn *Snie en oare gedichten* (1981) wurdt it haadtema. Yn it fers ‘Ik hearde de âldman sizzen’ út de earste bondel hat er it, noch wat fan bûten ôf, oer in âlde keardel dy’t syn lêste rjochten opeasket. De man wol net bememke wurde yn in ferpleechhûs, hy wol:

[...] in plakje krektlyk as
Foar úttsjinne hynsders
Dy’t neat mear hoege
Griene romte in befol hjouwer...’

En yn it fers ‘Hja hâlden him lang’ nimt er de lêzer mei nei it grimmitich isolemint fan de man dy’t beseft dat it folle libben foarby is:

‘Ald en grimmitich huzet er
Yn syn natuerreservaat
“Tagong strang ferbean”

Yn it titelgedicht fan *Snie en oare gedichten* tinkt de dichter werom oan de dea fan in dierbere en beseft er dat syn eigen ein net sa lang mear op him wachtsje litte sil:

‘Dû bist yn reek fergien.
It duorret net sa lang
Dan stoot wat ik noch bin
Dy nei yn 't wite neat.’

De problematyk fan de âlderdom, yn allerhanne fasetten, krijt yn syn Fryske dichtwurk mear en mear omtinken. Ek yn de bondel *It Noarden* (1990) is dy hieltyd opfallend oanwêzich. Prachtich sketst er yn it fers ‘Hy sit dêr yn syn toer’ it byld fan de âlder wurdende skriuwer, dy’t noch altyd de driuw ta skeppen hat, mar fielt hoe’t er bûten it libben komt te stean:

‘Elke dei wat djipper foaroer
Op it ûndiene wurk.
Gjin minske dy’t him mist.’

Yn it gedicht ‘Op in punt fan de berch’, út de titelsykus ‘It noarden’, beskriuwt de dichter in âld man dy’t weromkomt op in plak fan jierren lyn en konstatearret hoe’t alles wat er ea kennen hat, ferdwûn is:

‘Ik koe de minsken
By namme en tanamme,
De streupers, it fiskersfolk –
Wêr binne hja tein?
Wei en wei.’

It krêftige, byldzjende fers ‘Dit binne de deade fulkanen’ ropt it gefoel fan tsjuster ûnheil op dat de âldere wurdende minske ûndergean kin dy’t fernimt hoe’t de hertstochten fan it libben ferdwine:

‘It lichem sels ferfrjemde,
De driuw te libjen stúket
Op wite hege muorren
Dy’t skuorre sûnder lûd –
It stoarmet oan de poal.’

Ek yn *Iisgong*, de lêste lyryske fersebondel dy’t Theun de Vries ferskine liet, hy waard dat jier al 94, is it ôfskie fan it libben suver rûnom oanwêzich. De styl is noch koarter en kealer wurden, as is ek yn dat opsicht de winter ynsetten. Yn it titelfers wurdt gjin ik neamd, mar dat makket it fers namste suggestiver. De dichter sjocht, om sa te sizzen, al mei ôfstân en ûnthechting nei it fergiene libben:

'dêr driuwt
mei de iisgong
in swart ding
nei it hop
dier of minske?
it wurdt al wei
yn 'e lije rein.'

En yn it lêste fers dat yn dit boek opnaam is, mimeret de âlde dichter, no al seisennjoggentich, weemoedich oer in leantsje lykas er dat yn syn jonge jierren koe, dûnker en fredich, mei toarnbeistrûken en kamperfoelje begroeid. Hy hat it socht, mar nea weromfûn. Mar dat kin ek net, beseft er, want it leit 'bûten de wrâld'. It wie de fergiene jeugd sels, dêr't er nei longere.

De liemen paden fan myn jeugd

Yn ien gefal nimt De Vries itselde fers sawol yn in Fryske as yn in Nederlânsktalige bondel op. It giet om it titelleaze fers 'Sa as dat rûkt, ûndielber, tûzenfâldich' út *Earst en lêst*. Foarsjoen fan de titel 'Terugval' nimt er dat op yn *Atlantische avond*. Dochs is de Nederlânsktalige fariant net hielendal gelyk oan de earder ferskynde en nei alle gedachten earder skreaune Fryske ferzje. En it opfallende is, dat de Nederlânske ferzje suver oeral objektivearjender fan toan is, mear distânsje hâldt. It Fryske gedicht iepenet bygelyks mei de wurden 'Sa as dat rûkt, ûndielber, tûzenfâldich', dy't de lêzer meilûke yn in direkte sintúchlike ûnderfining. De Nederlânske ferzje skept ôfstân: 'De ene, ondeelbare duizendvoudige/ Geur...' Fierderop yn it fers treffe wy dizze, fannijs folslein direkte, suver wat noartske wurden oan: 'Wat moatte dy skrouske stjerren?' It Nederlânsk is gâns abstrakter en serebraler: 'Een antwoordloze/ Hemel, schraal met gesternte bezilverd.'

En by de iepeningsfersen fan *Earst en lêst* en *Atlantische avond*, dy tematske twillingsusters, treft ús dochs ek in ferskil. De 'ik' yn 'Geboorte' wurdt situearre op in eilân: 'Schorren wiel en wad/ Dronken het zaadgeweld / Van mannelijke getijden.' Mar de 'ik' út it fers 'Alles begint by de dingen' ferkeart yn in boerewrâld sa't de dichter dy meimakke yn syn jonge jierren:

'Efter de skuorre
Wurdt de ko by de bolle brocht.
Ik stean oan de knibbels ta
Yn jong gers.'

Theun de Vries koe, sa meitsje dizze foarbylden dúdlik, him op guon mominten direkter uterje yn syn Fryske wurk, hy koe yn dat wurk ek tichterby de wrâld fan syn jeugd komme. De bylden yn it fers ‘Alles begjint by de dingen’ binne yn technyske sin yllustraasjes fan in filosofysk begjinsel, mar wurde dúdlik autobiografysk kleure. It dekôr Feanwâlden, dat de trouwe De Vries-lêzer fansels wol koe út de Wilt Tjaarda-fertellingen, is yn de lette Nederlânsktalige fersen suver ôfwêzich. Ek de autobiografy fan de jeugd yn beheindere sin, de echte oantinkens oan de Fryske jeugdjierrren en de útsprutsen ferwizingen nei it ferline komme wy eins allinnich yn de lette Fryske fersen tsjin. Bygelyks yn it fers ‘Sabeare’ út *Snie en oare gedichten*, in tear oantinken oan it dokterkeboartsjen mei ‘Leave Hiltsje,/ Lyts reahierriich buorfamke,/ Dû en ik efter it hinnehok...’, of yn de fersen út ‘e bondel *Stins & krite*, dy’t hielendal yn it teken stiet fan it weromsjen op de foarbye jeugd:

‘De liemen paden fan myn jeugd
Stûkje yn it elzehout
Tichteby snuorret Quatrebras.’

Mar it wie net allinnich sa dat it Frysk him tagong joech ta syn jeugd en it dekôr fan syn jeugd. Hy dichte ek yn dy taal oer it ferstjerren fan syn frou Aafje Maria Vernes. ‘Ik legde haar dood en nagedachtenis vast in Friese gedichten,’ skreau er yn it *Nieuw Letterkundig Magazijn*. Hy tocht fansels oan de ‘tredde rige’ fersen yn *Earst en lêst*, oan fersen as ‘Kleare kâlde jannewaris’, dêr’t er it oantinken oan de ferstoarne opropt: ‘Yn de stoarm klinkt dyn laitsjen...’ of ‘De dea praat súntsjes út ‘e linebeammen’, dêr’t er beskriuwt hoe’t er har noch praten heart: ‘Dû praatst yn my, ik kin dy net ferstean...’ *Earst en lêst* waard trouwens ek oan har opdroegen: ‘Aafje Maria de Vries-Vernes/ 1908-1975/ memoriae sacrum.’

Aafje Maria Vernes. Sy wie de frou dy’t him lang lyn werombrocht by it libben, en dy’t him dan ek ynspirearre hie ta it skriuwen fan de fatalistyske fersebondel mei de namme *Terugkeer*. Dy ferskynde yn 1927 en foarme, nei de werfertelde ferhalen fan de *Friesche sagen*, syn eigentlike literêre debút. Doe’t der yn 2000 in lette werútjefte fan de bondel útkaam by útjouwerij Conserve, skreau De Vries yn it neiwurd oer har dat sy ‘mijn eerste en gelukkigste liefde’ wie – ‘de gelukkigste omdat liefdesrealiteit later nooit meer zo intens wordt ervaren’.

It wie echt apart dat er de fersen nei oanlieding fan har ferstjerren yn it Frysk skreau. Aafje Maria wie net Frysktalich, en hy hie altyd Nederlânsk mei har praten. Yn it hjirboppe oanhelle artikel yn it *Nieuw Letterkundig Magazijn* typearret er har sels as in ‘oer-Nederlandse vrouw’.

Yn de bondel *Terugkeer* hie er yn it Nederlânsk oer har dichte. Yn it Marsmanniaanske fers 'Vrouw' spruts er har ferearjend oan mei dizze wurden:

'O vrouw – na de versteende winternachten
Dit heugende geluk in mijn gedachten:
Zon, wind en wolken, uw beminde lach!'

De frou dy't er altyd 'jij' neamd hie, en yn syn iere Nederlânsktalige fersens soms 'u', spruts er dus yn *Earst en lêst* ynienen oan mei it âlde Wâldfryskje 'dû', it foarnamwurk dat er ea brûkt hie foar syn readhierrich buorfamke út Feanwâlden, dy 'leave Hiltsje', dy fan achter it hinnehok. De âlder wurdende dichter koe syn fertriet better kwyt yn it Frysk. Hjir, yndied, hjir mear as ea, waard it Fryskje de taal fan it gefoel.

Literatuer

- D. Cartens en M. Steegstra (red.), *Vervolg je weg en laat de lui maar dazen! Theun de Vries, getuige van een eeuw* (Amsterdam/Den Haag 2003).
- J. Veenbaas, 'In god fan fleis en bloed', yn *De moanne*, jiergong trije, nû. 5, 2004.
- Th. de Vries, *Ald en Nij/Oud en nieuw* (Overveen 2002).
- Th. de Vries, *Alles begint by de dingen/Alles begint bij de dingen*, Selectie, geautoriseerde vertaling en nawoord van Jabik Veenbaas (Amsterdam 2004).
- Th. de Vries, *Atlantische avond* (Bûtenpost 1979).
- Th. de Vries, *De boom-mens* (Banholt 1981).
- Th. de Vries, *Friese sagen & Terugkeer*. Met een voorwoord bij *Friese sagen* en een nawoord bij *Terugkeer* door de auteur (Schoorl 2000).
- Th. de Vries, *Earst en lêst* (Bûtenpost 1977).
- Th. de Vries, 'Een gunst van het leven', yn *Nieuw Letterkundig Magazijn* 19 (Amsterdam 2001), pp. 44-45.
- Th. de Vries, *Iisgong* (Banholt 2001).
- Th. de Vries, *It Noarden* (Enkhuizen 1990).
- Th. de Vries, *77 korte gedichten* (Amsterdam 1984).
- Th. de Vries e.o., *Myn hert dat trillet my. Gysbert Japiks 1603-2003. 100 en 3 nije rymlerijen* (Ljouwert 2003).
- Th. de Vries, *Snie en oare gedichten* (Ljouwert 1981).
- Th. de Vries, *Stins & Krite* (Feanwâlden 1997).
- Th. de Vries, *Vliegende vissen* (Wijhe 1985).

